

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

Ynhâld

Oktober 2025

Bêste kriteleden en freonen	2/3
Gedicht	4
Puzzel	5
Ferslach fan de jiergearkomste 26 sept. '25	6/7
Útnoeging grutte jûn ‘Stokjes’	8/9
De wurklist winterskoft 2025-2026	10
Stampopotbuffet [Pôtiten]	11
Frysk prate tsjin de bern?	12
Ledeberjochten	13
Frysk Folksliet	14
Fryske Boekewike 2025	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

KvK. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL 54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl

Oan ús kriteleden, freonen en stipers.

Noch mar krekt it boekje hawn oer de jiergearkomste en no alwer ien op de matte.

It bestjoer fan de Fryske Krite "Troch de Tael Forboun", noeget al har leden, goekunde en ek de stipers út foar de earste grutte kritejoun.

Dizze is op sneon 25 oktober 2025 jouns om 20.00 ûre yn Wijkcentrum de Huesmolen. Adres: de Huesmolen 60, 1625 HZ Hoorn. Tel. 0229-234390.



Foar ús komt it Dreamteater út Akkrum mei it stik 'Stokjes', In perfekte dei. Dit selsskip hat twa kear earder by ús spile. Harren stikken hawwe fleur, mar jouwe ek in boadskip mei.

Wy sjogge tige út nei jimme kommen. Nim freonen en goekunde mei. De tagongspriis is €7,50 foar leden en €15,- foar net leden.

Fansels is der wer in mooie sealpriis en wy tinke ek efkes om de lotten foar de mooie priizen.

Ek ús fryske boekentafel is der wer. In boek meinimme kostet €1,00 en is foar de pot fan fleur en soksahwat. Kin Harmke oan ús sike leden, of leden dy't wat te fieren hawwe, in kaertsje stjoere. De pot is hast leech, dus mei der ek samar wat yn treaun wirde.

Ek ús jounen foar 2026 binne moai ynfolle. It stiet op in oare side, mar set de data yn it bûsboekje.

Us jiergearkomste wie gesellich mei in aardige opkomst. It oantal minsken wat op ús jounen komt, wird wol minder, mar ja dat is sa yn dizze tiid mei folle aktiviteiten.

Alles is goed foar elkoar op ús krite. En wat wie it âlderwetsk
gesellich om werris bingo te spyljen. Jan wie de bingomaster, hy
hie de gong der goed yn. We moasten goed sjen nei dy echte
fryske plaetsjes. Wat wiene se fanatyk om ien fan dy leuke pryskes
te winnen .It wier samar 10.00 ûre. Dy't der net wiene hawwe wat
mist.

Sa is it winterskoft wer útein set en wy hoopje as bestjoer, dat de
jounen ek sa slagje.

Kom dus nei us jounen en nim immen mei.

Der binne ek altiid minsken dy't net mear komme kinne. As it om
ferfoer giet, belje efkes mei Jan. Dan wurd der besocht om in
oplossing te finen.

Is der immen siik, jow it troch , Hawwe jimme hwat bliids te fieren,
jow it troch. As bestjoer kinne wy net alles witte.

Sa, ik haw wer genoch út de pinne besocht te heljen.

O ja ,noch efkes, wat ik hast ferjitte soe.

Op 10 jannewaris wer it Nijjiers stampotbuffet. Jow jimme op.

Alles stiet yn it boekje.

Foar eltsenien dy't it nedich hat, sterkte mei syktme of fertriet.

Waarme groetnis fan it bestjoer


Jimme foarsitter

Tiny Dijkstra - de Vries



De Molkbus

O molkbus, wat hasto in
warber ferline!
Yn bûthûs en jister, dêr koe
men dy fine,
en folgetten stiest' oan de dyk;
de molkskou of wein naam dy
mei nei't fabryk.
Dan kaamsto wer thús, fol mei
waai of mei sûpe
en dernei waardst' himm'le op
bjinstalt of stoepe,
Mar ek op de molkkarre brûkten se dy
by 't sliten fan molke en brij.



De tiden feroaren, de molktank waard
moade,
Do, molkbus, belibbest dyn VUT- perioade
as pronkstik yn wenten fan eks-boerefolk,
beskild're mei 't spul dêr 't har heit eartiids
molk.

Siswize

't Is min spul,
immen dy't oer 't hynder tild is
wer yn é midden fan 't seal te krijen

LETTERS YN FOLJE

Yn de neikommende wurden ûntbrekke 0, 1 of 2 letters. De letters dy't ynfolle wurde moatte, foarmje fan boppen nei ûnderen in wurd.

1. A...onnemint
2. Fal...isemint
3. W...rklikheid
4. Suse...yf
5. Sinjat...r
6. Be...nsbern
7. Sik...fûnspakket
8. Skoalkammeraat
9. Yn...sjatyf
10. Sleatr...der
11. Skoarre...moarje
12. Aaisie...e

It wurd is:

De oplossing stiet op bledside 14

Út it lyts Frysk puzzel boek

Koart ferslach fan de jiergearkomste fan 26 sept. 2025.

Er wiene op freed 26 septimber 2025 neist it bestjoer 13 leden nei de Huesmolen kaem.

De foarsitter iepent kertier oer achten de jûn. It is dit jier slagge om foar de earste grutte jûn it Akkrumer Dreamteater nei Hoarn te krijen. Om't it foar sommige minsken beswierlik is om op jûn nei Hoarn te kommen, hawwe wy op 10 jannewaris op 'e lette middei in stampopotbuffet. Net yn 'e Huesmolen mar by "De Witte Valk" yn Zwaag. We betinke de fiif leden dy it ôfroune jier ferstoarn binne.

De wurklist foar de gearkomste wurd goedkard.

Ferslach jiergearkomste 2024.

It ferslach fan 'e jiergearkomste fan 3 oktober 2024 stiet yn it boekje. Der binne gjin fragen of opmerkings. De oantekens wurde goedkard.

Meidielings en ynkommen stikken.

De famylje Meines hat ôfberjocht dien, lykas de famylje Leenstra. Diny Boonstra komt letter.

It bewâld fan it bestjoer.

Er binne gjin feroarings. De foarsitter ropt op dat as der foarstellen binne, dit troch te jaen oan immen fan it bestjoer.

Finansjeel oersjoch 2024-2025.

We binne rom €400 yntard. Alles wurd djurder en de ynkomsten wurde minder troch it ferstjerren fan leden. Mar it lede jild wolle wy net ferheegje. Wy kinne it nog wol efkes útsjonge. De RABO actie hat €100 opsmiten. De actie fan dit jier is juster ôfroun. Wat it opsmiten hat witte wy net.

Ferslach Rekkenopnimmers.

Diny Boonstra en Bontsje Vogel hawwe de boeken neisjoen by Popke. Neffens Bontsje seach it der kreas út. Hja koene gjin flaters fine. Handsjeklap foar Popke.

Beneame fan in nye rekkenopnimmer

Diny Boonstra is ôfgeand. Rimmert Benedictus nimt har plak yn.

Bestjoerswiksel.

Om't der gjin minsken neamd binne om in sit yn it bestjoer te nimmen, bliuwe Harmke Burggraaff en Renske Nauta yn it bestjoer sitten. Gjin ien hat beswier.

Wat sil der barre yn 2025-2026.

Op 25 oktober komt it Akkrumer Dreamteater mei "Stokjes" nei Hoarn.

Op 10 jannewaris de middeis in stampopotbuffet yn "De Witte Valk"(Zwaag). Wy betelje sels €12,50.

Freed 27 febrewaris is de lytse jûn. Sippy Tigchelaar komt fertellen oer har boek "Schipper vrouwen".

21 maart is dan wer in grutte jûn mei wierskynlik in toanielstik.

Omfreegjen.

De foarsitter komt nog efkes werom op it tagongsjild foar in grutte jûn. It bestjoer komt mei it foarstel de yntree priizen te ferheegjen. Leden betelje €7,50, net-leden €15,=. Der binne gjin beswieren. It foarstel is oannaam.

Ben Wester hat in mooglike sprekker foar in lytse jûn , Andries Hibma fan Hauwert. En soene de Fryske Dûnsers in kear op in grutte jûn komme kinne?

It bestjoer sil it meinimme nei de earste bestjoersgearkomste.

Slúting.

Om goed kertier foar njoggenen wurd it saaklike part fan 'e gearkomste sletten.

Nei it skoft dogge we trije keer in spultsje Frysk Bingo. Der binne moaie priiskes te winnen.

Útnoeging foar de Grutte Jûn
Op 25 oktober 2025
IT DREAMTEATER Akkrum spilet



"Stokjes, in perfekte dei" is in Frysk stik oer in doarpsmienskip dy't gearkomt foar de begraffenis fan Kees Verheul. It ferhaal spilet him ôf yn en om it doarpskroech. Mar by de tariedings foar de begraffenis giet alles mis. As famylje en freonen oankomme, feroaret de gearkomste al gau yn in spesjale reüny dêr't lang bewarre geheimen oan it ljocht komme en âlde freonskippen op 'e proef steld wurde.

As de personaazjes wrakselje mei harren eigen emoasjes en oantinkens oan Kees, ûntstiet der in unike dynamyk, dêr't it ôfskied mear wurdt as allinnich in rougearkomste. It ferhaal ûntbleatet net allinnich geheimen, mar ek de ûnbrekber bân fan freonskip en famylje yn in doarpsmienskip.

De tragikomedy "Stokjes" wurdt spile troch alve akteurs fan Dreamteater Akkrum.

It stik is skreaun troch Anneke Wiersma.

De regisseur is Sjoerd Blom



It stik wurd spile op ús fertroude lokaasje yn

Wijkcentrum de Huesmolen.

Adres: de Huesmolen 60, 1625 HZ Hoorn.

It begjint om 20.00 oere en de seal is iepen fan 19.30 oere ôf.

De tagongspriis is € 7,50 foar leden en € 15,00 foar net-leden.

Yn it skoft wurdt der in ferlotting hâlden.

Altyd priis!

**De wurklist foar it kommende
winterskoft 2025-2026 sjocht er sa út:**

25 oktober 2025:	1e grutte jûn mei it Akkrumer Dreamteater
10 jannewaris 2026:	Stamppotbuffet (middeis)
27 febrewaris 2026:	Lytse jûn: Sippie Tichelaar
21 maart 2026:	Grutte jûn

Op de Kritejûn kinne jo allinich mei contant jild betelje.

Oan de bar kinne jo wol betelje mei 'pin'.



Stampotbuffet [Pôtiten]



Wannear: 10 jan. fan 16.00 ûre oan't 19.00 ûre

Wêr: De Witte Valk

Dorpstraat 175 Yn Zwaag

€12,50 foar leden

Net leden betelje € 17,50

Ynklusyf alle drankjes

Gesellich om mei elkoar te iten
en elkoar dan ek it bêste foar 2026 ta te winskjen.
Om it slagje te litten wolle wy graach witte wa't komme.
Leafst alle leden fansels, mar nim ek goekunde mei.
Der binne twa soarten stampotten: Huts pôten en Boerekoal.
Ek foar fegetariërs.

Opjaan kin al op de grutte jûn fan 25 oktober
Of by ús skriuwer Jan Vogel, tel. 0229-234012
of fia de mail yellowbirds53@gmail.com, leafst sa gau mooglik



Frysk prate tsjin de bern?

Jonge âlders prate faker Frysk tsjin har bern as dat eardere generaasjes dat dienen. Dat is mooglik in bewuste kar. Dat docht bliken út in ûndersyk fan de Fryske Akademy en Planbureau Fryslân. Dy ha ûndersyk dien nei it brûken fan it Frysk en de útkomsten ferlike mei in ûndersyk út 2018.

Dat jonge âlders faker Frysk prate tsjin har bern, kin neffens de ûndersikers wize op in bewuste kar.

Ferstean en lêze wol wol, skriuwe minder.

Der is mear goed nijs foar it Frysk: it tal ynwenners fan Fryslân dat Frysk lêze en skriuwe kin is wat omheech gien.

Sa'n 90 prosint fan de ynwenners fan Fryslân ferstiet it Frysk goed.

Hast twa tredde kin Frysk prate en mear as de helte kin it lêze.

It tal Fryskskriuwers is wol heger as yn 2018, mar noch altyd jout mar ien op de fiif oan dat goed te kinnen.

Ut it ûndersyk komt ûnder oare nei foaren dat it Frysk benammen yn it priveelibben brûkt wurdt. Foar de karriêre fine Friezen de taal minder belangryk.

Ferskillen yn regio's

Der is ek sjoen nei ferskate regio's binnen de provinsje en it tal minsken dat it Frysk dêr as earste taal hat. Yn it noardeasten fan Fryslân is dat oandiel it heechst: 70,6 fan de ynwenners dêr hat it Frysk as earste taal.

It noardwesten, súdeasten en súdwesten sitte allegear om de 54 prosint hinne. Yn Ljouwert giet it om 33,9 prosint, op de Waadeilannen minder as 10 prosint.

Bron: Omrop Fryslân

Ledeberjochten:

De gearkomsten fan de krite wurde hâlden yn

Wijkcentrum De Huesmolen,

De Huesmolen 60, 1625HZ Hoorn.

Tel: 0229-234390

Lidmaatskip en Tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is €15,00 foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden €7,50 en foar net leden €15,00. De lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinnen jo dwaan by de ponghalder, Popke Slange.

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinnen de sealpriis winnen as jo yn e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmmer dat kâns jout op de sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean út in blomke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinnen yn it skoft lotten keapje. Ien pakje fan 10 lotsjes foar €5,00. Altyd priis.

Autoferfier:

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinnen kontakt opnimme mei ús skriuwer Jan Vogel
Till.: 0229-234012

Lief en Leed:

Lief en Leed berjochten kin jo trochjaan oan ien fan de leden fan it bestjoer.

FRYSK FOLKSLIET

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.

Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dize âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!

Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



It wurd is blessueretiid

Oplossing letters ynfolge
1. Abonnement / 2. Faillissement / 3. Werklikheid / 4. Suksessyf /
5. Sinjatuur / 6. Bernsbern / 7. Sikefûnspakket / 8. Skoakammeraat /
9. ynisyatyf / 10. Sleatridder / 11. Skoarremoarfe / 12 aaisiede



Fryske Boekewike 2025

Freed 7 novimber wurdt mei it Frysk Boekefeest yn De Kanselarij yn Ljouwert it startsein jûn foar de Fryske Boekewike 2025.

Op dy feestlike jûn sil ek it Kadoboek 'Oan 'e ein fan De Oere' fan Anne-Goaitske Breteler presintearre wurde. De Fryske Boekewike wurdt holden fan 8 o/m 16 novimber. It Kadoboek is yn de Fryske Boekewike fergees te krijen by oanskaf fan op syn minst € 15,00 oan Fryske boeken by jo boekhannel.

'Oan 'e ein fan De Oere'

'Oan 'e ein fan De Oere' fertelt it oangripende ferhaal fan de fjouwer bern fan de famylje Zwart. It grutste part fan harren libben wennen de net-troude broers Pieter, Jan, Dirk en harren suster Wytske mei-inoar op it âlderlik stee: in pleats yn Moddergat. It troch Breteler optekene famyljeferhaal bringt de lêzer ticht by in bysûnder gesin dat nettsjinsteande grutte feroaringen trou bleau oan it leauwen, oan elkoar en oan it âlde hiem. 'Oan 'e ein fan De Oere' jout in unyk ynsjoch yn in wrâld dy't net wer weromkomt. It is in portret fan ferlies en fassinaasje – mar ek fan de fraach: wat betsjut it as in famylje, en harren erfgoed, ynhelle wurdt troch de tiid en driget wei te wurden?

Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries
Till.: 0227-501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl

Ponghâlder en Popke Slange
Lede-administraasje: Till.: 0229-234881
e-mail: p.slange@outlook.com

Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma
Till.: 0229-237267
e-mail: dirkrenske@gmail.com

Harmke Burggraaff – Adema
Till.: 06-30514660
e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.nl

Eareleden: Popke Slange

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn

Redaksje Krantsje: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Paul Burggraaff
Till.: 06-53211437
e-mail: pc.burggraaff@quicknet.nl